

KRYPTOGRAM 198a

Horizontaal:

1 Mear stuollen yn de keamer jout foardiel (10); 6 Moaie weromreis (4); 10 Dy kinne goed fermannichfâldigje en woartellûke (6); 11 Kennis is mar betreklik (8); 12 Fee- en lêsoer (4); 13 Treurnis (10); 15 Kapotte dokuminten (7); 18 Minymars (7); 19 Wurdt letterlik dronken (3); 20 Frucht fan de passy (7); 21 Kwekersfrucht (7); 24 Anty-rimpel foar it platte flak (10); 26 In stel foar alleman (4); 27 Tefolle tiid oan melken bestege (8); 28 Wylde wynstreek (6); 29 Hynder mei it foarkommen fan in rôfdier (4); 30 Test foar bodybuilders (10).

Fertikaal:

2 Sturt fan in jerke (7); 3 Ofrin fan proaza oer Kwik, Kwek en Kwak (7); 4 Sege dy 't te jilde makke wurdt (5); 5 Mjit de djippte fan beide siden (11); 7 In biislokje mei longdrink (9); 8 In gemeente sûnder wethâlders? Wa wit! (9); 9 Kreakpannen dy 't foar opslach brûkt wurde (8); 14 Prate yn in fizieus sirkel

(11); 15 Underdiel fan it túnbou-eksamen (9); 16 XUndernimming dy 't it persoanlik yn de kjeld stean lit (9); 17 Like omraak op in jirpel (8); 22 Dy slacht ûnsin út (7); 23 Koerswinst dy 't in trui opleveret (7); 25 Hûdskleur fan immen dy 't nea bûtendoar komt (5).

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 29 - 2 - 14 - 28 - 26 - 8 - 21 in Fryske plaknamme. Mail dy namme nei denksport@lc.nl, ûnder fermelding fan Kryptogram 198a. Of skriu dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: Kryptogram 198a.

De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **16 febrewaris** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in boekebon ferlotte.

BOEKENBON t.w.v. €25,-




Kryptogram 197a:

Plaknamme: **WIKEL**

Winner Boekebon:

Dijkstra, De Jouwer



LEEWARDER COURANT

4-2-2023